It wie noch te koart tiid om der in gelykspul út te slepen. De slach wie levere (betiden in te hurde slach) en helaas ferlern.

Mar gelokkich Klaas Molenmaker wie 50 wurden en krige fan ús as kado in titel: Hertog Klaas. Lokkich wiene de 24 kompanen fan Hertog Klaas ek mei en sy woene net mei werom yn it krat.

De gehakballentest yn de kantine waard wer útfierd troch Jacob Plantinga en hy ferûnderstelde dat it gehak by Bouma út Easterein kaam, sa lekker wiene se.

Der waarden mear dingen testen nei ôfrin: de fleskes bier, it tafelfuotbalpul (Gerard en Gerlof) en de CD spiler (Andre Hazes). En fansels waarden der erfaringen útwiksele mei de Noardburgumer "Tsjikke en Eke" oer it draaiende rêd en de pikante prizen.

By it ôfskie waarden we ek noch útneoege om ynkoarten in ljochtwedstriid te spyljen tsjin de feteranen omdat se ús oanwêzichheid tige op priis stelden.

Nei Rottefalle....

Jacob Kangoeroeman hie de hiele wike goed oefene op it springkessen om heger springe te kinnen as de ferdwenen kangoeroe yn Rottefalle.

Boppedat hie hy hartefleis iten (foar in soepele draf) en hazzefet op de spieren dien foar snelle reaksjes. Per ûngelok wie der ek wat op syn mûle kommen sadat ek dêr dizze kear snelle reaksjes weikamen.

It die allegear wol fertuten. Yn de iene helte dat hy meidie, fleach hy fan foar nei efter en soarge der persoanlik foar dat de 0-2 ynkoft waard. In prima oanfal mei in prachtige foarset fan Bertus Bootsma. Dêrfoar hie Jacob al sjoen dat Eddy de Boer in prima doelpunt makke nei oanjaan fan Aant.

Foar de thee waard it ek noch 0-3 troch ús ynfal Benjamin :Gerlof Veldstra skoarde út in lange bal fan Jacob the Kangoeroeman.

Elkenien wie it der oer iens dat dizze wedstriid wol te winnen foel. Doe't Jacob noch ûnder de brûs stie makke Eddy der sels 0-4 fan, nei in prima aksje fan "dy âlde man" Klaas Okkema.

Alles like yn de knip mar Rottevalle kaam der 3 kear gefaarlik út en se skoorden ek trije kear. It publyk dat yn grutte getale oanwêzich wie, besocht mei in protte lawaai de lykmakker der yn te skreauwen mar Jacob stie ûnderwilens oan de kant en hy fitere ús wer op. En soks helpt meast wol. It bleau 3-4 en 3 hiele moaie punten koene mei nei Easterein.

Ek mei nei Easterein gyngen de resten fan wat men dêr in gehakbal neamt, want de gehakballepriuwer Jacob Kangoeroeman hie der gjin goed wurd foar oer en ek gastspiler Marco Hoekstra (hy spile in prima wedstriid) woe hast al freegje at er ek wat op de beskút krije koe.

SDS 5 stiet boppeoan en de gehakbollen yn de kantine fan BCV steane dat ek.

Nei Feanwâlden.....

SDS 5 moast sneon 25 oktober nei Feanwâlden om oan te treden tsjin Veenwouden 4.

It sportpark dêr hjit "de Kempphaan" en de sporthal dy't ek diel útmakket fan it kompleks dêr, hjit "de Hoantserid"

Foardat de wedstriid begong krigen wy dus earst útlis fan ús eigen fûgelkenner Jelle (Hoants) de Boer. Yn de earste helte wiene it in stel deade fûgeltsjes dy't in ûnseker potsje fuotbal op de matte leinen. Der wiene seker wol kansen, mar der waarden ek ûnnedich kansen fuortjûn.

Ien doelpunt fan Eddy (Knabbel) de Boer hie soarge foar de rêststân. Yn it skoft siet men der dan ek by as deade fûgeltsjes.

De lieder hie goed harke nei in ferhaal fan Jelle oer de hoants en sette de boel op skerp.

"In hoants is in fûgel dy't bekind stiet om syn gefjochten om de froutsjes te imponearen. Se meitsje harren op en stride as hoantsen.....; at jim no ris dogge at jim hoantsen binne, dy't hjir net stride foar de trije punten mar foar de froulju. " De gefoelige snaar wie rekke. De sjurtsjes kamen by de broek yn, de mouwen waarden oprôle, de sokken waarden ophesen en der wie sels immen dy't de deospuit brûkte. De twadde helte like it yndie of gie it om froulju. Der waard goed djip gien, der waard koart dekt, de gatsjes waarden fûn en der wiene prima (heech)standsjes. 5 froulju koene se úteinlik befjochtsje. Jacob (Kangoeroeman) Plantinga, Willem Tjalsma (2x) en Klaas Okkema skoorden. Veenwouden moast it mei ien dwaan. De einstân 1-5 wie fertsjinne.

SDS hie it hoantsegefjocht wûn en se staptten as pauzen sa grutsk nei hûs.

(Aant)

Wedstrijderslachjes

SDS E3

4-10-03 Oosterlittens E3-SDSE3 2 – 4 (1 – 1)

SDS ging naar de koploper het was Oosterlittens die had niets verloren. We hadden een andere tactiek als anders.

We speelden met drie man achter en twee spitsen. Het was een spannende wedstrijd. Eerst maakte Jurjen een doelpunt. Daarna maakte Oosterlittens vlak voor rust een mooi doelpunt in de kruising. 1-1. Na de rust maakte Jos 2-1 door een hoekschop die er in 1x in draaide. Oosterlittens maakte direct weer

een goal 2-2. Joris wou op doel schieten maar een speler van Oosterlittens kopte de bal in zijn eigen doel. Daarna waren we beter en Jos maakte een doel in een keer op de slof uit een hoekschop. Vooral door het goed verdedigen van Joris Wytze en Sjoerd hebben we gewonnen met 4-2. Nu zijn wij de koploper met 13 punten. In de box hebben we heel hard onze jell gezongen. SDS doe je best maak van je tegenstanders koeiemest !!!!

Jos Houtsma

SDS E4

Workum E3 – SDS E4 2-3

Op zaterdag 6 september moesten we uit naar Workum, dit was een spannende wedstrijd. Workum stond eerst voor met 1-0 voor en toen kwam Jan Friso en die maakte er 1-1 van. Na de rust scoorde Workum nog een keer en stonden we 2-1 achter. Maar toen

kwam Jan Friso weer in actie en maakte 2-2. Maar Dirk was er ook nog, want die scoorde ook nog twee keer, waarvan een werd goedgekeurd. En daar bleef het bij, dus de eindstand was 2-3. En toen hebben we gewonnen.

SDS B1

Scharnegoutum B1- SDS B1

Zaterdag 6 september moesten we uit bij Scharnegoutum spelen. Het was onze eerste competitie wedstrijd nadat we alle beker wedstrijden hadden gewonnen. We begonnen de wedstrijd niet goed, steeds onnodig balverlies. Maar we kwamen wel op een 0-1 voorsprong, toen ging het veel beter en bij rust hadden we een aardige voorsprong. De tweede helft ging het wat moeizamer dat leidde tot 2 doelpunten. We wonnen de wedstrijd met 2-9.

Ralph Wariman

SDS B1 – WZS B1

Op zaterdag 27 september 2003 moesten we tegen WZS B1 voetballen. Zij waren koploper, dus we werden we goed voorbereid in de box. Ik kon de wedstrijd goed volgen, want ik stond op de wissel. Eerst kwamen we met 0-1 achter, en dat bleef zo tot een paar minuten voor de rust. Toen maakt we gelijk.

Na de rust ging het beter en maakten we nog 4 doelpunten en eindigde de wedstrijd in 5-1.

Jehannes Abma

Oan it wurd... Willem Overall

At je regelmjittich by SDS binne dan kinne je fêst Willem Overall wol. Hy regelt en hy flagget. Op it fjild, mar foaral yn de seal. Tiid om Willem ris oan it wurd te litten. Mei in brede laits tref ik him oan yn syn wente.

Willem, do bist noch mar 29 jier, mar al hiel lang begelieder neffens my?

Ja, ik bin betiid opholden mei fuotbal. Ik haw yn de C1, B1 en A1 spile en doe wie it ynienen dien.

Ik wie net in hiel grut talint, moat ik der wol by sizze.

Der binne wol mear "net-talinten" en dy fuotbalJe noch op hege leeftyd?

Dat kin ek maklik, mar ik haw de hiele boel in kear stikken hân yn dy tiid en dat hat my besluten dien om te stopjen. Ek moat ik troch myn wurk echt fit wêze, oars wurdt dat neat.

Wat foar wurk is dat?

Ik wurkje al hast 10 jier yn Amsterdam, pleats dêr kezingen en rûten. Swier wurk.

Hoe wurde je mei 19 jier grinsrjochter by A1.

Nei myn blessure hie ik besluten net mear te fuotbaljen. Mar dochs woe ik der graach by belutsen bliuwe. Myn maten fuotballen yn A1 en dan is it fansels leuk at je in bydrage leverje kinne.

Wist noch wa't doe de A-spilers wiene.

Ja, dat wiene, Gert-Jan, Harm Stremmer, Reitse Klijnsma, de Brouwer Brothers, Arnold en Paul Walstra. In prachtige en talintfolle ploech. En gesellich en ek dat is wichtich.

Hoe lang bist grinsrjochter by A1 west?

Earst 4 jier, ik haw ûnder oaren wurke mei Remco Bervoets en Rein van der Woude. Nei dy 4 jier waard ik frege om by it twadde te flagjen. Dat haw ik ek twa jier dien.

Dêrnei die Freddy Scheltema in berop op my om wer by A1 te flagjen. Ek dat wie in prachtige perioade mei Robert Hoekstra. Dizze groep is neffens my noch talintfoller as dy fan 10 jier lyn. Ek sitte der in protte fjochters by en dat mei ik graach lije.

Flagje by A1 en it twadde, is dat oars?

A-1 is sneller mar foar it oare is it flagjen gelyk.

Fynst dat kommentaar tsjin grinsrjochters net ergerlik?

Dêr gniis ik om. Dêr lûk ik my neat fan oan. Ik hear it wol, mar reageer net.



En doe wie der ynienen sealfuotbal.

Ja dat kinst wol sizze. Der wie in ploech dy't sa sneins meidien oan dy toernooien hjir yn de Greidhoeke. Foar de grap joegen wy ús op yn Frjentsjer op it krystoernooi. Dat waard in geweldige dei, want wy wûnen doe.

Dêr leit yn feite de basis fan it sealfootbalteam sa't dat no yn de twadde klasse spilet.

En do as regelateur?

Ja, sokke minsken moatte der ek wêze en ik fyn dat prachtich. At alles goed regele is dan kinne dy jonges goed fuotbalje. En dat sjogge je no wol. It nivo is prima.

2^{de} klasse is dat heech.

Ja, aboslút. Ast it mei it fjild fergelikst dan spylje wy heger as SDS1 fjild.

Wa wit dat, útsein jim.

No dat wurdt hieltyd better. Der komme wolris wat taskôgers te sjen en seker mei de oankundiging op ynternet sjogge wy in hieltyd in bettere opkomst. Ik moat wol sizze dat it mei de komst fan Roel Sijbesma yn it bestjoer ek better oandacht krijt. Hoewol wy fansels wol efteroan op de agenda stean.

Teloarstellend.

Ja, wol wat, mar soms kin ik it ek wol begripe. De basis fan SDS leit op it fjild.

No, efkes oer de ploech fan hjoed de dei dy't boppeoan stiet.

Wy hawwe in prachtige ploech mei alle kwaliteiten der yn dy't yn in ploech sitte moat. Wy kinne de bal goed yn de ploech



hâlde, der is in taktikus, der binne guon dy't it deeglik hâlde, der binne artysten, der is geweldich skoarend fermogen, der is talint koppele oan ynsjoch en in ballenkearder fan heech nivo.

Wa is de beste Willem?

Dat sis ik net. De ploech is sa bêst om dat it allegear kloppet.

Binne der systemen dy't jim fuotbalje.

Ja, dy binne der seker, mar dêr fertel ik neat oer. (dat krije je at de Treffer oeral lêzen wurdt). Wy binne oer it algemien langsume starters. Wy sjogge earst hoe't oaren fuotbalje en dan sette wy it safolle mooglik del. Nei it skoft binne wy meast ek better.

Is it sealfootbal betiden net saai.

Ja, soms wol. Sa as de wedstriid tsjin Res, dat is in drege partij omdat sy ús hiel goed kinne.

Dan is der soms echt neat oan. Hoewol, at je sokke partijen winne dan jout dat wol foldwaaning.

Hokker wedstriid is dy it beste bybleaun?

Dat wie de earste kear dat wy wûnen yn Frjentsjer. Mei 400 man op de tribune en as outsider winne, wylst elkenien der echt trochhinne siet. Geweldich wie dat. Ek in bekerwedstriid tsjin it heech fuotbaljende DrachtsterBoys, doe't wy ferlearen mei 6-3 is my goed bybleaun. Wy krigen doe in protte kompleminten

Is sealfootbal min foar it fjildfuotbal.

Nee hear, fjildfuotbal is min foar it sealfootbal. Sjoch mar nei de blessures fan no: Robert en Tsjipke Klaas op it fjild krigen en net yn de seal.

Wurde jim kampioen?

Ja.

Noch wat útspraken fan Willem:

- De neisit is te leuk
- Wy binne de ienige ploech yn dizze klasse dy't net traint
- Wy sille nea wat yn it Fec winne, want je moatte dêr hastich wêze en dat binne wy net
- Dit jier gjin krysttoernooi yn Frjentsjer
- Durk Okkema dy hat echt ferstân fan fuotbal
- Yn in wedstriid tsjin Friesland hawwe wy in protte leard

- Skiedsrjochters binne oer it algemien goed
- Flagjen yn de seal isfreeslik

De super 9 fan Willem

Jan Simon	
Harm Stremmer	Feite de Haan
Jeroen Brouwer	Anne Stenekes
Tsjipke Okkema	Willem Wijnia
Peter Sijbesma	Robert Sijbesma

SDS D1

Bekerje yn it hege noarden!

Sneon 18 oktober moast SDS D1 foar de beker ôfreizgje nei Ternaard. Mei fjouwer auto's en dus ek fjouwer sjauffeurs (Annette, Frank, Johan en Klaas) en de trainer Durk, mem Klaske en 12 spilers op paad. Yn de twadde helte kamen der ek noch by heit fan Wieren en de suster fan Jacob. Harstikke moai. Ek mar goed dat hja de earste helte net sjoen hienen want dat wie net sa best. De tarieding op de wedstriid wie goed mar we begûnen tige ûnrêstich. We kamen net yn it spul en twa hiele goeie spilers fan Ternaard bepaalden it spul. Lokkich makken wy de earste goal nei in snelle útfal fia de lofterside. Andries skoarde mei in moai bôgje yn de fierste hoeke. Oan de rest ta folhâlde en gjin goal tsjin krije. Jarco foel nei 5 minuten út troch in tik yn de bûk en dernei kramp.

Ludze kaam der yn. It gie allegear hiel muoisum mar ús keeper hold alle ballen goed tsjin. Fansels waard ien en oar efkes rjochtsetten yn de klaaikeamer en dat hat fertuten dien.

Ek de spilers sels wienen it der wol oer iens dat de earste helte min wie.

In hiel oar spul de twadde helte. Posysjoneel stienen wy as hiel goed en it passen en rinnen yn de romte gie prima. Sa krigen we kâns nei kâns. Hoe in ferdigener spits wêze kin liet Eddy hjoed wer sjen. Op oanjaan fan Jacob koe hy de bal kreas yn it goal sjitte, 0-2. Efkes letter wie it 0-3 wer troch Eddy nei goed trochsetten by it ôfpakken fan de bal by d keeper. Dernei útspylje mei noch 5 minuten te gean. Ien lyts foutsje efteryn koste ús noch in tsjingoal. Mar we binne fjirder yn de beker. Hjoed misten wy Wytse (famyljedei) en de opstelling wie doe:

Andries	Eddy	Doede
Christiaan	Jacob	Anton/Jarco
Rutmer	Elger	Ludze
	Jort	
	Thor	

Lokwinske jonges.

KP.

SAMAR IN WEDSTRIID

Makkum 2- SDS 2 0-1

Sybesma (22), arbiter: Beuker, taskôgers:

24. Bysûnderheden: Anema falt út mei

Swiere knibbelblesuere

MAKKUM: Adema, Haarsma, Kooistra, Elzinga (Niemarkt/45), Lindeboom, Elgersma, Elgersma, Jansen, Poepjes, de Jong, Nagel, Gielstra(Idsenga/60).

SDS: Faber, Overal, Hiemstra, Haitsma, Breeuwsma, Kamstra (Dykstra/45), Hingst, Sybesma (Overal/60), Brouwer, Wijnia, Anema (Dykstra/53).

SDS begûn sterk oan de wedstriid, se wienen skerp gedreven en it is wol dúdlik dat hjir in kampioens team stie. Sterk kombinatje spul troch alle linies hinne wer troch Makkum hielendal útelkoar spile waard. Dit resulteare yn de noadige kânsen mar se waarden net goed ôfmakke.

De 0-1 oantekene, troch goed optreden op middenfjild, Gerrit sette druk op syn direkte tsjinstanner en ferovere sa de bal die hy ferfolgens ynlevere by Robert, dizze gong in knappe kombinatje mei Skelte oan en sa stûn er foar de keeper, hy skeat, al wie it wol yn twadde ynstantje, de bal yn it dak fan 'e goal.

De ban wie brutsen is it logysk gefolch, mar nee, it spul bleaun goed mar Makkum krige stadich oan mear bal besit. Troch dat SDS te neidrukkelik de twa nul socht koe makkum bytiden gefaarlik kounterje, dit waard yn de kiem smoard troch goed opstellen fan de ferdediging, wat wol je ek mei de erfaring fan Auke en Syb en de jonge talinten fan Jacob-Klaas en Tseard.

Nei de tee wie skerpste der ôf en Makkum stroopte de mouwen op. SDS waard slordig yn de passing, foaral yn de efterhoede en dat kin, ûndanks die earder neamde erfaring, liede tot hachelyke mominten.

Skelte waard fan efteren stevich oanpakt of wie it bewust ien blessearre, yn els gefal hy moast wiksele wurde. Harm-Auke kaam binnen de linen en koe de wedstriid op slot goaie. Hy wachte goed ôf en de stekbal wie op maat, troch dat dizze jonge sa fluch is kaam er allinnich op 'e keeper ôf, jammer genôch gong de bal lâns de ferkearde kant fan de peal. Oan de oare kant wie it selde gefal en dêr wie it goeie optreden fan Marten, hy wie it die SDS yn de slotfase oan de fertsjinne oerwinning holp.

(DWO)

SDS 3 Hoera hoera

SDS 3 -Foarut 2 20-09-03

0-1, 1-1 (Hampie), 1-2, 2-2 (Anco), rust. 2-3, 3-3 (Hampie), 3-4, 3-5.

Mulier 2 - SDS 3 27-09-03

1-0, 2-0, rust. 3-0, 4-0.

SDS 3 - Rood Geel 2 04-10-03

0-0, rust. 0-0.

SDS 3 - WWS 2 25-10-03

1-0 (eigen doelpunt), rust. 1-1, 1-2.

Boppesteande statistieken binne foar de statistici under us. De feste skriuwer hat in 'writersblock', of soksawat.....

Stân SDS League (30 oktober 2003)

Vorige Stand		Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 1	Week 2	Week 3	Week 4	Week 5	Stand	Waarde prijzen
1	2	T. en V.	Y.V.	Oudega(W)	42	37	41	47	35	202	€ -
2	1	U.S. Postal	R.O.	Wommels	47	36	41	51	26	201	€ -
3	4	Stoke City	C.P.	Wommels	45	40	35	42	34	196	€ -
4	3	Mukkes	M.H.	Easterein	49	43	34	36	33	195	€ -
5	6	Te Plak	A.en P.W.	Wommels	49	41	31	39	31	191	€ -
6	5	The Updikes	P.O.	Sneek	46	44	27	44	28	189	€ -
7	12	FC Guppy's	G.B.	Easterein	43	35	29	47	33	187	€ -
8	17	vv WHRS	R.S.	Easterein	48	29	29	44	36	186	€ 12,00
9	7	The Butchers	L.B.	Easterein	48	30	38	44	24	184	€ -
10	10	Cees en Co.	C.A.	Wommels	41	35	37	43	28	184	€ -
11	16	Bundy-clan	S.v.B.	Wommels	47	32	30	41	32	182	€ -
12	8	FC Zak 'es lekker door	T.d.J.	Lollum	42	35	36	47	21	181	€ -
13	15	Sterk Door Samenspel	H.B.	Easterein	46	32	29	45	29	181	€ -
14	13	Sterrenmix	P.en W.P.	Lutkewierum	44	34	35	40	25	178	€ -
15	9	Knopper is een Topper	B.D.	Easterein	41	52	32	32	20	177	€ 12,00
16	14	JAH	J.v.A.	Easterein	39	42	35	36	25	177	€ -
17	11	Toppy	G.S.	Wommels	39	38	33	45	21	176	€ -
18	22	FC Yn'e nok.skrok	I.d.B.	Easterein	50	32	24	41	28	175	€ 12,00
19	19	Winsum United	G.D.	Winsum	37	33	35	44	25	174	€ -
20	20	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	44	42	32	30	26	174	€ -
21	21	Robert Hoekstra	R.H.	Easterein	36	44	30	38	26	174	€ -
22	28	Akke's Godenzonen	A.J.	Dordrecht	35	30	37	43	29	174	€ -
23	26	Kezman fan	G.J.H.	Easterein	44	31	34	37	26	172	€ -
24	27	De Br. Wippers	O.v.d.K.	Oudega(W)	41	28	33	44	25	171	€ -
25	25	Littens the Best	F.B.	Eastereittens	41	42	30	33	24	170	€ -
26	29	Rienk Wiersma	R.W.	Irens	43	28	29	45	25	170	€ -
27	39	Omheeg	M.J.	Wommels	44	24	30	43	29	170	€ -
28	23	KEZZA	H.A.D.	Easterein	35	27	38	47	22	169	€ -
29	24	De Voortzetting	S.K.O.	Easterein	39	33	23	52	22	169	€ 12,00
30	31	Sjokem	S.P.	Wommels	34	29	31	50	25	169	€ -
31	18	November Rain	G.A.T.	Easterein	42	33	33	41	19	168	€ -
32	30	Durk Okkema	D.W.O.	Easterein	41	37	33	33	24	168	€ -
33	32	Bas van der Weij	B.v.d.W.	Easterein	41	33	30	39	25	168	€ -
34	36	FC Skop 'm Het Oer	S. en T.	Easterein	32	35	37	37	26	167	€ -
35	38	The Ozzman	H.E.	Spannum	35	36	30	40	26	167	€ -
36	40	Omke Boeloe	S.S.	Irens	36	32	27	46	25	166	€ -
37	41	Jeroen team	J.L.	Irens	44	29	29	38	24	164	€ -
38	43	Schapekoppen on tour	R.J.	Dordrecht	40	30	31	38	25	164	€ -
39	33	Moat Kinne	J.d.G.	Wommels	39	30	29	45	20	163	€ -
40	34	T. en T.	T.H.	Easterein	43	32	29	38	20	162	€ -
41	44	WSPH	W.T.	Spannum	37	29	30	43	23	162	€ -
42	45	JSJ (Jan-S. Sil Juchje)	J.S.J.	Easterein	36	27	36	39	24	162	€ -
43	53	Zonder Sibon op 1	J.D.	Wommels	42	34	26	31	29	162	€ -
44	52	Heile & Keter	T.K.O.	Easterein	45	28	25	36	27	161	€ -
45	46	Better let as net	A.S.	Easterein	33	33	42	29	23	160	€ 12,00
46	48	Jeroen Brouwer	J.B.	Wommels	36	30	29	42	23	160	€ -
47	42	Geen Man Overboord FC	H.d.J.	Easterein	40	29	30	41	19	159	€ -
48	59	Is this it	W.W.	Wommels	42	25	28	36	28	159	€ -
49	62	DE deade cavia's	J.S.	Irens	40	29	24	38	28	159	€ -
50	50	Best of the Rest	D.d.J.	Easterein	37	32	32	33	24	158	€ -
51	56	Brouwertjes uit Winsum	J.B.	Winsum	35	28	29	40	26	158	€ -
52	63	Easpanne	M.B.	Easterein	40	28	27	35	28	158	€ -
53	47	Dophok United	D.Y.S.	Easterein	40	32	26	39	20	157	€ -
54	58	The Mean Machine	S.W.	Wommels	39	30	27	35	26	157	€ -
55	37	Waarnridders	S.d.S.	Skrok	45	29	28	39	15	156	€ -
56	35	FC Súver núver	S.W.	Bolsward	35	36	33	37	14	155	€ -
57	67	Peter Sybesma	P.S.	Easterein	34	28	31	36	25	154	€ -
58	55	BLYA TRYA	Y.T.	Wommels	37	29	27	39	21	153	€ -
59	51	Redmer Strikwerda	R.S.	Wommels	38	32	30	34	18	152	€ -
60	64	FC Het laatste seizoen	W.D.	Wommels	38	28	28	36	22	152	€ -
61	49	Foarhinne Ponghâlder FC	P.W.	Wommels	37	29	33	36	15	150	€ -
62	54	FC Pinky	R.J.	Leeuwarden	36	29	29	39	17	150	€ -

Vorige Standstand		Naam team:	Coach:	Woonplaats:	Week 1	Week 2	Week 3	Week 4	Week 5	Stand	Waarde prijzen
63	70	FC Etex	J.P.D.	Easterein	27	27	40	34	22	150	€ -
64	71	FC Munnaps	B.S.	Spannum	36	26	29	37	22	150	€ -
65	72	Team Stroh	W.Z.	Easterein	37	26	30	35	21	149	€ -
66	73	Harm Stremier	H.S.	Easterein	37	24	31	35	21	148	€ -
67	76	SHAKEY	L.H.	Wommels	37	26	25	35	25	148	€ -
68	74	El Quatro	F.d.H.	Easterein	33	29	28	37	20	147	€ -
69	65	Krek Net	R.S.	Easterein	35	29	22	44	16	146	€ -
70	68	Dreamteam	A. en J.P.	Wommels	34	27	24	44	17	146	€ -
71	75	München	H.P.	Wommels	41	28	25	30	22	146	€ -
72	77	Super de Boer	E.d.B.	Easterein	27	29	36	30	24	146	€ -
73	61	Hylkies	J. en W.H.	Easterein	32	34	28	37	14	145	€ -
74	69	FC Grasmatt	E.d.B.	Easterein	35	28	31	34	17	145	€ -
75	80	Tomba la Bomba	T.W.	Wommels	35	25	26	35	24	145	€ -
76	81	FC Standaard	M.P.	Wommels	39	26	24	32	24	145	€ -
77	60	Mukrow FC	B.W.d.R.	Workum	36	27	32	36	13	144	€ -
78	84	De A-sociaal	A.T.	Wommels	35	21	24	36	27	143	€ -
79	78	Feenstra Boys	S.F.	Bolsward	32	30	27	32	21	142	€ -
80	82	Real Mantgum	S.A.	Mantgum	34	25	24	36	23	142	€ -
81	66	Kuipers Haarmode	F. en S.S.	Easterein	31	32	32	34	11	140	€ -
82	79	Oranje Hassau Groningen	B.G.	Groningen	29	32	28	32	19	140	€ -
83	57	Swenggg!	T.H.	Easterein	36	31	29	35	8	139	€ -
84	83	Slachtedijk-team	H.H.	Wommels	30	24	29	36	17	136	€ -
85	88	De Linckmieghels	M.W.	Wommels	34	18	25	36	20	133	€ -
86	87	Foke en Sukke	J. en E.d.B.	Wommels	34	18	25	36	18	131	€ -
87	86	Catdog	G.v.A.	Easterein	36	23	25	31	15	130	€ -
88	85	Op naar de top	M.F.	Easterein	34	16	27	39	12	128	€ -
89	89	Pieter Kamstra	P.K.	Hennaard	29	14	26	38	21	128	€ -
90	90	FC Seedorf	G.P.	Wommels	31	17	25	31	16	120	€ -

SDS League

Eindliks dan hjir de stân fan de SDS League yn 'e Treffer. Wy binne alwer 5 wiken oan 'e gong. De stân koenen jimme fansels byhâlde op ús webside.

In ferrassende koprinner dit kear. Meastentiids wie "T. en V." fan Y.V. út âldegea ûnderyn te finen. Hy giet riid efkes hurder as "US Postal" fan R.O. en stiet ien puntsje foar. Mei ADSL riid R.O. fêst wer hurder.

De ôfrûne wike binne der in pear hurde klappen fallen yn 'e SDS League. "Knopper is een Topper"(BD) waard út de top tsien kegele (fan 9 nei 15) en lykas "FC Zak 'es lekker door" (TdJ)(fan 8 nei 12). Ek "Topy" fan GS die in stapke efterút fan 11 nei 17.

By sommigen sit der op it heden hielendal gjin "schwung" mear yn it team. Nim no "Swengggggg!" fan wa oars as TH. Hy die oars altiten boppe-yn mei, mar hat de boel no moai yn 'e tiezen. Hy sacket dizze wike fan it 57e nei it 83e plak. En dat mei 8(!) punten. Dit liket my in "djipte-rekord".

Spannend yn de middenmoat is it allinne tusken "Jeroen team"(JL, 37e) en "Jeroen Brouwer"(46e).

Wy hoopje dat it foar "Is this it"(WW) it noch net is, want op in 48e plakje doch je net echt mei.

Motorieke problemen binne der op nûmer 54 en 55. Hjir stean "The Mean Machine"(SW) en "de Waarmridders (SdS) aardich yn 'e kjeld.

Opmerklik is it dat "München"(HP) him no al inkelde wiken tusken it 70e en it 80e plak ophâld. Ik haw it derop dat "München"74 komt te stean. Al sil dit wer in soad minsken efkes sear dwaan.

Allegear wer bekenden dêr ûnderyn de stân. De "Feenstra Bys"(SF) fan Boalsert, "Oranje Nassau Groningen"(BG) út Grins en "De Linckmieghels"(MW) fan Wommels. "De Linckmieghels" wienen foarich seizoen noch "het Linkerrijtje", mar dat sil him wol noait wurde. In oare bekende ûnderyn is "Op naar de top" fan MF. Foarige wike hat hy krekt

de "poedelpriis" krigen fan de foarige edysje en no stiet hy alwer net fier fan it lêste plak ôf. Lokkich genôch kin hy better keepe.

Mei sommigen sil it ek dizze SDS League wer neat wurde. "Catdog" (GvA) sil te faak fiskje moatte om goed mei dwaan te kinnen yn 'e SDS League. "FC Seedorf"(GP) liket gjin kâns mear te krijen yn it Nederlânsk alvetal en glidet mei syn "FC" allinne mar fjirder ûnderút.

Eltse wike kinne jimme de nije stân besjen op www.vv-sds.nl.

SDS 1 jier op ynternet



SDS-website (www.vv-sds.nl)

Wy sitte mei SDS al wer 1 jier op ynternet. Wy wisten net presys wat wy der fan ferwachtsje moasten, mar dat wy nei in jier al sa'n 15.000(!) besikers hân hawwe soenen hienen wy fansels nea tocht.

Nei de beslissingswedstriid fan SDS 1 tsjin Trynwâldster Boys hienen wy de measte besikers op ien dei. Dat wienen der 103. De lêste wiken hingje wy hieltiten wat tsjin dat rekord oan. Op 10 en 13 oktober hawwe wy ek 103 besikers hân.

Dat der hieltiten mear minsken op de website komme bliket wol út de sifers.

De ôfrûne moanne hawwe wy de measte besikers hân; 2405. De earste moanne dat wy yn 'e loft wienen hienen wy net iens de helte oan besikers: 1035.

De measte besikers hawwe wy op moandeis: 16,6%. De oare dagen fan 'e wike sitte hjir net fier fanôf. Allinne sneons hat eltsenien it te drok mei it fuotbaljen want dan krije wy mar 10% fan it tal besikers wat yn in wike komt.

De measte minsken sjogge jûns tusken 7 en 8 op de website.

De measte besikers komme "gewoan" út Nederlân (14.626). Dochs is ús site ek al 80 kear besjoen fan út Amearika. Ek hawwe wy al 76 besikers út Frankryk hân.

Wy hoopje dat de site ek it twadde (altiten dreger) jier wer goed besocht wurde sil. Miskien smyt it ek noch wat sponsors op.

(WW)

Uit de oude doos

SDS - zaalvoetbalnieuws

Op 9 januari '83 hield Janssen Sport Sneek haar traditionele Nieuwjaars-toernooi met als deelnemende ploegen: RES, Janssen Sport Huizen, TOSS 2, S.D.S., Rood-Geel, Janssen Sport Sneek, Brandweer Amsterdam en Leidsendam. In de eerste wedstrijd tegen RES keek S.D.S. al snel tegen een achterstand aan, maar kwam via een goal van Sipke terug: 1 - 1. Een keihard schot van Jan kwam via de beide doelpalen weer in het veld terug: 't bleef 1-1. Janssen Sport Huizen toonde zich de meerdere van TOSS 2: 4 - 0. TOSS 2 tegen RES wrd na een spannend begin 1 - 4. Vervolgens moest S.D.S tegen Janssen Sport Huizen aantreden. Na een aarzelend begin, 0 - 2, kwam S.D.S. wat beter in zijn spel. Toch was het Huizen dat 0 - 3 scoorde. We kwamen terug via Siep maar Huizen had het antwoord al weer klaar 4 - 1. S.D.S. drong aan en kreeg ook nog wel kansen. Maar alleen Wouter kon nog wat terug doen. De geroutineerde ploeg uit Huizen wees ook RES terug 4 - 1. S.D.S. moest nu met drie doelpunten verschil winnen van TOSS om te mogen strijden om de derde plaats.

In het begin zag het daar niet naar uit want al snel keek S.D.S. tegen een 2 - 0 achterstand aan. Na 3 - 1 werd het 3 - 3 en toen waren er nog negen minuten te spelen en weer moest S.D.S. een achterstand wegwerken, maar kwam wederom goed terug en nam voor het eerst een voorsprong: 4 - 5. Twintig seconden voor het einde scoorde Johan 4 - 7; we waren in ieder geval vierde.

S.D.S. moest na de uitslag van de poule tegen Janssen Sport Sneek spelen om de derde plaats. We gingen goed uit de startblokken en al snel scoorde Siep 1 - 0. Via Jan werd het 2 - 0 en tegen het einde zelfs 3 - 0. Het was een goede laatste wedstrijd van S.D.S. In de finale bleek Janssen Sport Huizen de sterkste middels een 3 - 0 overwinning op Amsterdam. Uiteindelijk eindigden wij op een derde plaats.



Standen SDS per 31-10-2003

SDS 1 - 3e Klasse B

1 Be Quick D 1	7	18	14 -	5
2 SDS 1	7	16	22 -	10
3 Oostergo 1	7	15	14 -	6
4 Wykels Hallum 1	7	13	25 -	22
5 Anjum 1	7	12	15 -	12
6 Bolswardia 1	7	10	13 -	10
7 Buitenpost 1	7	9	13 -	9
8 Sweach De 1	7	6	9 -	14
9 Rottevalle 1	7	6	12 -	20
10 WTOC 1	7	5	7 -	18
11 Ouwe Syl 1	7	4	10 -	17
12 Makkum 1	7	4	11 -	22

SDS 2 - 2e Klasse

1 Flevo Boys 3	6	13	13 -	6
2 SDS 2	7	13	14 -	6
3 Workum 2	7	13	17 -	11
4 Olde Veste'54 d' 2	7	13	12 -	11
5 Heerenveense Boys 3	7	12	11 -	12
6 CVVO 2	7	11	19 -	12
7 Nijland 2	7	10	11 -	16
8 DESZ 2	7	9	10 -	14
9 Balk 2	7	8	10 -	9
10 Oeverzwaluwen 2	6	5	7 -	9
11 Makkum 2	7	5	7 -	14
12 Bolswardia 2	7	4	9 -	20

SDS 3 - 4e Klasse

1 Franeker SC 3	5	15	16 -	4
2 Mulier 2	5	11	16 -	10
3 Foarut 2	5	10	11 -	9
4 WWS 2	6	8	10 -	13
5 Blauw Wit '34 5	5	7	10 -	12
6 SDS 3	6	7	10 -	13
7 Berlikum SC 2	6	6	14 -	15
8 Leeuwarder Zwaluwen 6	6	6	15 -	20
9 Flamingo SC 2	5	5	14 -	15
10 Rood Geel 2	6	5	10 -	12
11 AVC 3	5	3	8 -	11

SDS 4 - 6e Klasse

1 Tzummarum 2	6	18	28 -	6
2 Zeerobben 4	4	12	19 -	5
3 Nijland 3	5	12	27 -	9
4 Minnertsga 3	5	10	23 -	8
5 Bolswardia 5	5	10	16 -	9
6 Franeker SC 5	6	9	13 -	14
7 SDS 4	6	6	18 -	24
8 Leeuwarder Zwaluwen 12	5	3	14 -	23
9 RES 2	5	3	11 -	22
10 Waterpoort Boys 3	5	2*	8 -	34
11 Berlikum SC 4	6	0	8 -	31

SDS 5 - 6e Klasse

1 SDS 5	6	15	24 -	7
2 Rijperkerk 3	5	13	19 -	8
3 Noordbergum 3	5	12	16 -	6
4 Blija 3	6	12	22 -	16
5 BCV 6	5	9	9 -	8
6 Trynwaldster Boys 3	6	7	13 -	20
7 Ouwe Syl 3	5	6	13 -	16
8 Franeker SC 6	6	6	15 -	14
9 Veenwouden SC 4	5	3	8 -	17
10 Suawoude 2	5	2	9 -	24
11 Rottevalle 4	6	2	11 -	23

SDS A1 - Hoofdklasse B

1 Leeuwarden A1	7	19	23 -	6
2 LSC 1890 A1	7	16	21 -	8
3 Frisia A1	7	15	13 -	13
4 DIO Oosterwolde A1	6	13	18 -	8
5 Joure SC A1	7	13	16 -	10
6 Rood Geel A1	7	10	12 -	8
7 Wolvega FC A1	7	10	13 -	13
8 SDS A1	6	5	9 -	12
9 BCV A1	7	5	7 -	17
10 Drachten A1	7	4	9 -	18
11 Zeerobben A1	7	4	17 -	33
12 Hardegarijp A1	7	1	4 -	16

SDS B1 - 1e Klasse G

1 RES B1	7	21	39 -	8
2 WZS B1	7	18	31 -	13
3 Bolswardia B1	7	15	36 -	14
4 SDS B1	6	13	20 -	9
5 Sneek B1	7	13	36 -	12
6 Balk B1	6	9	23 -	14
7 ONS Sneek B2	7	9	17 -	11
8 Makkum B1	7	9	12 -	14
9 Zeerobben B1	7	6	20 -	31
10 Robur B1	7	6	15 -	35
11 Mulier B1	5	0	2 -	46
12 Scharnegoutum'70 B1	7	0	6 -	50

SDS C1 - 1e Klasse I

1 Wolvega FC C1	7	21	37 -	5
2 Sneek C1	7	16	17 -	5
3 Gorredijk C1	7	14	24 -	15
4 ONS Sneek C1	7	13	17 -	14
5 Urk C2	7	11	20 -	21
6 Rouveen SC C1	7	10	17 -	18
7 Heerenveense Boys C1	7	9	19 -	19
8 GAVC C1	7	8	31 -	18
9 Bolswardia C1	7	7	17 -	17
10 Steenwijk/Time Out S C1	6	6	26 -	23
11 Balk C1	6	3	14 -	28
12 SDS C1	7	0	1 -	57

SDS B2 - 2e Klasse

1 Workum B1	5	15	34 -	4
2 Stormvogels'64 B1	5	13	27 -	11
3 Sneek B2	4	12	24 -	3
4 IJVC B1	6	10	39 -	18
5 RES B2	6	8	22 -	24
6 SDS B2	5	7	9 -	10
7 Tzum B1	4	4	6 -	24
8 LSC 1890 B3	5	4	16 -	22
9 Bolswardia B2	6	3	12 -	32
10 Joure SC B4	5	2	13 -	35
11 ONS Sneek B3	5	1	5 -	24

SDS C2 - 3e Klasse

1 Oeverzwaluwen C2	6	18	61 -	2
2 Urk C5	6	16	44 -	9
3 Bolswardia C2	6	15	22 -	10
4 NOK C2	6	12	19 -	13
5 Heerenveense Boys C3	6	12	10 -	14
6 CAB C2	6	9	12 -	16
7 Makkum C2	6	7	17 -	15
8 CSS C2	6	7	12 -	19
9 SDS C2	6	6	10 -	23
10 CVVO C3	6	3	8 -	34
11 Frisia C4	6	1	9 -	41
12 Joure SC C5	6	0	3 -	31

SDS D1 - 2e Klasse

1 SDS D1	6	18	24 -	6
2 Workum D1	6	15	38 -	13
3 Oosterlittens D1	6	10	19 -	13
4 Oeverzwaluwen D1	6	6	15 -	19
5 IJVC D1	6	4	11 -	21
6 Mulier D1	6	0	3 -	38

SDS D2 - 2e Klasse

1 SDS D2	6	15	32 -	6
2 Scharnegoutum'70 D2	6	13	18 -	8
3 Blauw Wit '34 D3	6	10	11 -	9
4 Blauwhuis D1	6	9	14 -	22
5 IJVC D2	6	4	6 -	21
6 JVC Nylan 2000 D2	6	1	6 -	21

SDS D3 - 3e Klasse

1 SDS D3	5	12	24 -	9
2 Oeverzwaluwen D3	4	10	20 -	9
3 QVC D3	5	7	23 -	17
4 Oosterlittens D2	5	4	10 -	15
5 Scharnegoutum'70 D3	5	1	13 -	40
6				

SDS E1 - 1e Klasse

1 Workum E1	6	16	24 -	9
2 Balk E1	6	14	22 -	7
3 CVVO E1	6	8	17 -	14
4 SDS E1	6	7	27 -	15
5 Lemmer Bentex E1	6	3	7 -	24
6 LSC 1890 E2	6	3	5 -	33

SDS E2 - 2e Klasse

1 Zeerobben E3	4	12	18 -	3
2 LSC 1890 E3	5	9	14 -	9
3 ONS Sneek E3	5	7	16 -	10
4 SDS E2	5	7	16 -	16
5 Dronrijp E2	5	0	5 -	31
6	0	0	0 -	0

SDS E3 - 3e Klasse

1 SDS E3	6	16	21 -	7
2 Oosterlittens E3	6	15	39 -	16
3 Heeg E2	6	9	32 -	7
4 Scharnegoutum'70 E2	6	7	23 -	28
5 Nijland E2	6	6	16 -	30
6 RES E3	6	0	5 -	48

SDS E4 - 3e Klasse

1 Oudehaske E4	6	15	37 -	12
2 Oosterlittens E2	6	13	43 -	12
3 Blauwhuis E2	6	8	14 -	11
4 Workum E4	6	6	8 -	27
5 IJVC E4	6	6	16 -	42
6 SDS E4	6	4	12 -	26

SDS F1 - 3e Klasse BT

1 SDS F1	6	15	30 -	12
2 WWS F1	6	14	32 -	7
3 Akkrum F1	6	11	30 -	10
4 Oosterlittens F1	6	4	13 -	29
5 Scharnegoutum'70 F1	6	4	9 -	27
6 Irnsum F1	6	3	8 -	37

SDS F2 - 3e Klasse BV

1 Franeker SC F2	5	15	44 -	8
2 Zeerobben F4	5	10	19 -	19
3 Leeuwarder Zwaluwen F3	5	4	16 -	33
4 Bolswardia F2	4	3	12 -	22
5 SDS F2	5	3	13 -	22
6	0	0	0 -	0

SDS F3 - 4e Klasse AO

1 Oosterlittens F2	6	16	58 -	5
2 SDS F3	6	14	49 -	3
3 Franeker SC F7	6	10	42 -	12
4 Zeerobben F7	6	6	12 -	66
5 Zeerobben F8	6	3	19 -	49
6 Dronrijp F4	6	3	5 -	50

SDS F4 - 4e Klasse EI

1 Black Boys F1	6	18	83 -	1
2 SDS F4	6	13	28 -	10
3 CAB F1	6	10	20 -	28
4 Heeg F3	6	4	10 -	53
5 Scharnegoutum'70 F3	5	3	8 -	34
6 Rood Geel F6	5	1	8 -	31



Hoedo "te hoog gegrepen?"

Doelpunten makers senioren SDS 2003/2004

.It is dringen oan de top fan de list. Hendrik de Jong stiet noch boppeoan, mar sil sa't it no liket dit jier net wer skore. Dat skoren ferwachtsje wy wol fan Eddy (Knabbel) de Boer, Marco Ottens (foto) en de ferrassende Frans Pieter Terpstra.

De heit/soan striid tusken Robert (6) en Roel (19) liket op in winst foar de jongste. By de Okkema's leit dat oars. Heit Klaas (23) hat 2 fan de 10 (dy't hy tasein hat) makke. Soan Tsjipke Klaas (27) stiet op 1.

Ek nije nammen siere dizze list: wat te sizzen fan de Rotterdammer Stefan van Krimpen (30) en Boalserter Jeroen Hoek (11).



	namme	SDS	oantal
1	Hendrik de Jong	I	7
2	Eddy de Boer	IV	7
3	Marco Ottens	I	6
4	Frans P. Terpstra	IV	6
5	Harm A.Dijkstra	II	5
6	Robert Sijbesma	I en II	4
7	Pieter Kamstra	II	4
8	Ype Tiemersma	IV	4
9	Durk Yde Sjaarda	I	3
10	Gerard Posthumus	III	3
11	Jeroen Hoek	IV	3
12	Jacob Plantinga	V	3
13	Willem Tjalsma	V	3
14	Floris Hiemstra	I	2
15	Harm Stremmer	I	2
16	Skelte Anema	I en II	2
17	Willem Wijnia	II	2
18	Peter Kusters	III	2
19	Roel Sybesma	III en V	2
20	Rene Velzen	IV	2
21	Rinse Joustra	IV	2
22	Gerlof Veldstra	IV en V	2
23	Klaas Okkema	V	2

	namme	SDS	oantal
24	Anne Stenekes	I	1
25	Feite de Haan	I	1
26	Gert Jan Hiemstra	I	1
27	Tsjipke K Okkema	I	1
27	Dennis Dijkstra	II	1
28	Donny Okkema	II	1
29	Jos Zonderland	II	1
30	Stefan v Krimpen	II	1
31	Anco Elgersma	III	1
32	Jentsje Jorritsma	III	1
33	Marco Hoekstra	III	1
34	Ivo Donath	IV	1
30	Klaas Malda	IV	1
31	Pieter L. vd Valk	IV	1
32	Rudy Dijkstra	IV	1
33	Tsjalling Hoekstra	IV	1
34	Wilco Overal	IV	1
35	Wouter Hylkema	IV	1
36	Aant Hofstra	V	1
37	Folkert R. Vellinga	V	1
38	Ids Boersma	V	1
	eigen doelpunt	I	1

Standen futsal per 31-10-2003

SDS 1 - 2e Klasse B

1 SDS 1	8	24	51-	16
2 WZS 1	9	24	77 -	29
3 Urk zvv 3	7	19	52 -	20
4 ZVVS 2	8	14	39-	26
5 RES 1	8	13	40-	27
6 Flevo Boys 1	7	10	39-	28
7 Renado 1	7	8	22-	45
8 Workum 2	7	6	32-	35
9 Genemuiden SC 1	7	6	24-	43
10 Ens 1	8	5	20-	35
11 Lemsterland 3	6	0	11-	59
12 Espel 1	8	0	18-	62

SDS 2 - 4e Klasse AD

1 CommeCi CommeCa 4	4	12	28-	11
2 RES 3	4	9	20-	14
3 Workum 7	3	7	27-	13
4 Friesland College 5	2	6	17 -	7
5 Workum 6	3	6	19-	18
6 Avanti 5	3	4	11-	13
7 NTW 2	3	3	18 -	17
8 SDS 2	4	3	19-	22
9 MKV'29 2	4	2	17-	33
10 Read Swart 1	2	1	6-	8
11 Bolswardia 3	3	1	10-	26
12 Friesland 6	3	0	9-	19

Trefferkes



De flagge

Andries Stuiver, Sjouke Sjoukema en Harm Bergsma binne alle trije fjildfeinten. Sy soargje der foar dat alles der sneons goed by leit, dat de netten yn it doel hingje, dat de korerflaggen der steane en dat de linen wer wyt binne. Ek ien fan de putsjes is it ophingjen fan de flagge. Soms krije se help fan in entoesjaste bûtensteander. Willem Twijnstra is sa'n man. Hy wol alles wol dwaan en ropt sa sneontemoarn wolris: "Kin ik ek wat dwaan".

"De flagge ophingje "roppe de trije dan yn koar, want se wolle it net wêze mar dat fine se mar in drege put.

Sa litte se Willem sa'n sneontemoarn wat wrakselje mei de lappe en de toutsjes.

No is Willem wol ris wat hastich en rimpen.

Hy sjocht soms ek mear om him hinne dan nedich is en sa kin it barre dat de flagge op de kop komt te hingjen.

Je soene sizze. Dat nimme dy trije Willem net kwea-ôf, se helpe him de boel rjocht te setten en se fertelle it oan nimmen.

Mar nee hear. Op sneon 11 oktober waard Aant earst troch Andries oan de jas lutsen: "Ik haw in Trefferke foar dy".

Andries fertelt hoe dom at Willem wol net wie, troch de flagge ferkeard op te hingjen.

Krekt in kertier letter, besiket Sjouke it selde ferhaal ek te fertellen oan Aant en noch foardat it fuotbal dien wie, siket ek Harm om it redaksjelid. "Wist al dat...."

"Ja Harm, ik wit it al, ik sil der wat fan meitsje". Nocht oan ûnnocht hiet soks.

Ik hoop dat Willem spytgnysket as hy dit lêst.

Kaartlêze

SDS 1 moast sneon 18 oktober nei Bûtenpost ta foar de bekerwedstriid tsjin Buitenpost. Yn Easterein stapten de 4 youngster byelkoar yn de auto mei Durk Yde Sjaarda oan it stjoer.

Jacob Klaas Haitsma siet neist him en efteryn (!) sieten de twa kaartlêzers Henk Postma en Tjipke Klaas Okkema. Fan Tjipke wie al bekind dat syn orientaasjefermogen net sa grut is, dus moast it fan Henk Postma komme.

Om it wat dreger te meitsjen waard yn goed oerlis besletten om net fia Ljouwert te riden, want dêr is it meast sa drok. Omdat ek de wâldwei meden wurde moast siet er neat oars op as boppe Ljouwert lâns te gean.

Se hawwe it witten de jonge lju: Stiens, Bartlehiem, Birdaard, Readtsjerk en noch folle mear plakken wêr't se noch nea west hiene.

Trainer Kees Jansen en de rest fan de seleksje fregen harren yn Bûtenpost lange tiid ôf, at se noch wol kamen. Mei in hiele koart opwaarmkertierke koe it dan dochs begjinne. Durk Yde wist it paad nei it doel better: hy skoorde twa kear en SDS wûn mei 0-6

Supporter fan SDS ?

SDS 5 moast nei Feanwâlden. Dan witte je dat je it allinne opknappe moatte. Net in supporter sil de reis nei de wâlden ûndernimme wolle.

De spilers fan SDS 5 binne jong fan hert, mar sjogge der wol âld út. Ek binne der meardere spilers dy't foar de wedstriid bepaalde helpmiddelen útskeakele (bril, kontaktlins, kuenstgebit) en wer oaren dy't helpmiddelen yn sette (wriuwguod, knibbellapen ensf).

Ien fan de spilers (wy neame gjin namme) docht syn bril foar de wedstriid ôf . It is yn lytse kring bekind dat hy dan net alles sjocht. Under begelieding wurdt hy dan nei it fjild brocht en sa kin hy him aardich rêde. Hy sjocht bygelyks wol dat er skoord wurdt, mar net wa't it docht. Hy ropt dan ek altiten "goeie bal Eddy, Ype, Willem, Klaas, Sipke ensf."

Yn Feanwâlden hie hy it hielendal net mear. Hy seach immen oan de kant stean dy't, sa't hy sjen koe mei syn gesichtsfermogen, in hiele protte op Sjouke Sjoukema like. Hy wist sels wol dat it net wier wêze koe, ek al omdat hy in blau wite sjaal om de nekke seach ynstee fan de swart wite.

Nei ôfrin fan de wedstriid komt de bril wer op en ta syn grutte ferrassing: wa siet dêr oan de bar yn de kantine: Look a like Sjouke. Wat sis ik. It wie Sjouke. Mei in Feanwâlden-sjaal en sûnder skamte (op besite by syn dochter) . Ien treast: mei de eagen fan dy feteraan falt it dus wol wat mei.

Cambuur fuotbalskuon

Jacob Klaas Haitsma is in hiele serieuze jongen. Dat wit en sjocht elkenien. Hy makket syn eigen tas klear, hy soarget dat er altiten stipt op tiid is en dat er alles by him hat. Mei sa'n serieuze ynstelling kin it hast net mis gean, soene je sizze. Syn heit en mem hawwe gjin omsjen nei dizze jonge.

Dochs, moatte wy melding meitsje fan in freeslik fersin op tongersdei 23 oktober. Jacob Klaas Haitsma hie de skuon fan syn jongere broer Erik yn de tas dien. Stom, stom, stom. Want ja no moast hy op dy prachtige troch Cambuur beskikber stelde skuon traine. Hy stie yn berie, at er dat wol dwaan koe.

Hy hoechde net lang nei te tinken. In griisbrune Audi stoppe, in frou stapte út en oare skuon waarden him oanrikt. Mem Hilda wie gelokkich sa "goed" om dit grut fersin fan Jacob Klaas te korrigearen. Mem Hilda hat wolris entoesjaster klonken

SDS 5 is noch net útbekere

Hoewol it noch net allegear like wis is, liket it der dochs wol op dat SDS 5 nei de folgende ronde fan de beker giet. Troch malfersaasjes hat Skearnegoutum besocht SDS in loer te draaien, mar dat is gelokkich troch it bestjoer fan SDS ûnderkend. De fuotbalbûn stelt in ûndersyk yn.

Super spits wol yn it twadde

Der wurdt om raak skoart yn it earste, dit sint him mar min fansels, of soe dit de reden net wêze dat er by de lieder komt om te freegjen at er yn it twadde balje mei. It is wol sa dat syn grutte foarbyld ek yn it twadde hersteld. Yn elts gefal is it sa dat de lieder hjir fan skrok en sear fereard wie mei dit oanbod, it komt net eltse dei foar dat ien sich oanbied die folge wurd troch de top fan it amateurfuotbal fan fryslân. Jim ha wol yn de gaten dat we noch gjin namme neame kinne mar yn it bûtenlân is hy bekint as Hank Dion.

Appie yn de Arena?

Foar nimmen is it noflik at it ûnder it fuotbaljen reint. Foar de spilers net, de supporters net, de skiedsrjochter net en ek de grinsrjochters hawwe der in hekel oan. Je wurde wiet en der fynt nimmen wat oan. Je kinne der ûndanks dat it reint lokkich genôch noch fan alles tsjin dwaan.

Allinne as spiler of skiedsrjochter kin je der net folle tsjin dwaan. As supporter kinne je oerdekt stean gean of yn 'e kantine sitten gean en de grinsrjochter kin in reinpak oan dwaan. Grinsrjochter fan it 2e Appie Posthumus loste it yn 'e wedstriid tsjin Bolswardia op syn "Appies" op. Yn 'e iene hân de flagge en de oare, jawol, de paraplu. Oansjoen it fansels ek noch aardich waaide gie dizze fansels ferskeidene kearen dûbel. Miskien is it foar Appie net sa gek om yn de Amsterdam Arena te flagjen. Hjir reint it nooit. Allinne sa no en dan oanstekkers.....

Âlder wurde

Mei it âlder wurde komme de gebrekken. Nim as foarbyld it oriëntaasje-fermogen. Dat dit yn 'e rin fan 'e jierren ôfnimt die lêzen wol bliken op de training fan de B-seleksje. Jappie Wijnia stie op 'e goal as keeper en woe graach om de goal te finen op de penaltystip in pion stean hawwe. Yn de tiid doe Jappie noch spits wie by SDS 1 hie der oars nooit sa 'n moaite om de goal te finen.

Noch âlder wurde

At je noch âlder wurde wurdt it sicht ek wat minder. Ek dit foarbyld wie te finen by SDS 2. Jan van Asselt (lieder SDS 2) koe him mar net betinke werom no júst SDS 2 in útnoeging krigen hie foar de iepen dei fan Hanzedruk yn Boalsert. Hy hie hjir al in wike mei omrûn doe der dochs kollegalieder Durk Okkema mar ris frege. Durk koe hast net oer syn lippen krije dat SDS 2 al jierren trainingspakken oan hat wêr at mei grutte letters Hanzedruk, Boalsert op stiet.

Maitsen

Eltsenien kin it wol. De grutte ferhalen neidat ien fiske hat. De iene fisk wie noch grutter as de oare. Yn 'e kantine hearden wy in fariant derop. Omdat Froukje de maitsen net yn 'e koelkast hawwe wol, bewarret Gerrit de maitsen (foar it fiskjen) yn it hok.

Hjirtroch fleant der wolris ien út en hat der bytiden net safolle maitsen om mei te fiskjen. No bliket der útfûn te hawwen dat je de maits wol faker brûke kinne at je in fisk fongen hawwe. Sa seit Gerrit lêsten wol 6 fisken fongen te hawwen mei ien maits (?!).

A G I N D A

Wat?

Wêr?

Wannear?

Gearkomst lieders jongerein	kantine Skoalleseize	10 novimber 20.00 oere
Gearkomst Haadbestjoer	kantine Skoalleseize	10 novimber 20.00 oere
SDS1 – Urk 3 (futsal)	sporthal de Greidhoeke	12 novimber 21.00 oere
Lede gearkomste	kantine Skoalleseize	17 novimber 20.00 oere
Gearkomst jongereinkommisje	kantine Skoalleseize	24 novimber 20 00 oere
SDS – Bolswardia	sportfjild Easterein	24 novimber 14.30 oere
Gearkomst Treffer redaksje	kantine Skoalleseize	4 desimber 21.00 oere
SDS – Rottevalle	sportfjild Easterein	6 desimber 14.30 oere
SDS1 – Ens1 (futsal)	sporthal de Greidhoeke	10 desimber 21.00 oere